



Fryske Krite Súdeast - Drinte

1 maart 2022

Bêste minsken,

It kin ! It mei !! It giet oan !! Twa jier lang ha wy en jim wachtsje moatten, mar no giet it troch !

Sneontejûn 2 april 2022 kritejûn. Dan komt dan eins ús teater jûn mei it stik:

“It komt wer foar ‘t ljocht”.

Aeltje Walsma en Gea Verhaag (mei rezjy en begelieding fan Gea Struiksma) bringe moaie konferinsjes, sketskes en lietsjes. Teksten fan harren pake Klaas Westra dy't noch altyd fan dizze tiid binne, mar se komme ek mei nij wurk en grapkes.

Jim moatte om twa redens foaral nei dizze jûn komme. De earste reden is, dat it tige de muoite wurdich is. Wy kinne nei twa jier wer ris âlderwetsk genietsje fan in hiele moaie kritejûn.

Yn it twadde plak is dizze jûn net om 'e nocht. Foar de krite dan. Dan moat der tefolle jild by. Dus as it heal kin moatte jim komme, oars ha wy mei syn allen in probleem.

Plak: Seal Wielens, Dorpsstraat 19, Noord - Sleen

Dei: Sneon 2 april 2022

Tiid: 20.00 oere

Kosten: € 15,00 (yntree € 10,00 en twa kopkes kofje / tee mei oranjekoeke € 5,00)

Net-leden binne ek tige wolkom mar dy betelje € 17,00.

Dus → Net bromme mar komme. Allegearre. Dwaan !

Kritekrantsje

Yn septimber foarich jier kaam ús lêste krantsje út. De 28ste jiergong wie it. Redakteur Henk Kloosterman hie oanjûn dat hy der mei stopje woe. Dat begripe wy. Wy binne him tige tankber dat hy it sa lang en sa moai dien hat foar ús krite. Mar oan alles komt in kear in ein.

Op ús oprop as immen dit wurk oernimme koe, kaam gjin reaksje. Wy ha yn it bestjoer bepraat: hoe no fjirder. Wy tinke dat it kritekrantsje meitsje ús net mear slagget en wy wolle, sa lang ús krite noch bestiet, it mei in kritebrief lyk as dizze dwaan. Dat hienen wy ek al earder dien trouwens.

Krite-iten 12 maaie 2022

It nijjersdiner dat 6 jannewaris wêze soe (dat hienen wy betocht omdat jo dan oan tafel sitten bliuwe koenen yn ferbân mei koroana) koe wer net trochgean; de hiele hoareka wie sluten. Gelokkich binne de tiden no better en wy hoopje dat dat ek sa bliuwt.

Wy ha in nije datum foar it diner, want dat bliuwt it, ôfsprutsen mei Wielens. Set it mar fest yn jim bûsboekje. It wurdt no tongersdei 12 maaie. En yn in oere derfoar hâlde wy dan de jiergearkomste seizoen 2021-2022. Jim krije tsjin dy tiid wol wer in brief mei wurklist en wat jo fierder witte moatte: de tiid, oer it iten, de kosten en soks sa wat mear.



Ferslach Algemiene Gearkomste 30 septimber 2021

Op tongersdei middei 30 septimber koe en mocht it; de jiergearkomste hâlde fan ús krite dy't al hiel lang útstelt west wie. Der wienen mar 10 minsken; it bestjoer fan 4 minsken en dan noch 6 leden.

Foarsitter Greta iepent de gearkomste en seit dat der ôfmeldings binne fan 5 minsken. En dat se de groetnis oerbringe moast fan Anne Tuiten. Hjirnei sjonge wy it Fryske folksliet.

It ferslach fan de lest hâlden gearkomste, dat wie 16 maaie 2019, twa en in heal jier lyn dus, wurdt fêststelt. Dat wie noch it ferslach fan Anne Tuiten mar der wie dus net earder in algemiene gearkomste mear west.

Dan komt oan de oarder it jierferslach, no ja, ek fan twa en in heal jier dus, fan de skriuwer. In koart ferslach, want der is hast neat bart yn dy tiid. Eins allinne it stampopotbuffet op 23 jannewaris 2020.

Der binne gjin fragen oer of nei oanlieding fan it ferslach.

De rekkenopnimmers binne by de ponghâlder west en ha de sinteraasje neisjoen. It wie dik ynoarder allegear. Frou Mölder wol noch wol in kear rekkenopnimmer wêze mar der moat noch in twadde komme.

Dy is der yn dizze gearkomste net mar dat lost it bestjoer letter wol op.

It jierferslach fan de ponghâlder wurdt troch him taljochte en wurdt fêststelt. De ponghâlder wurdt ûntlêstige en betanket. Der wurdt frege wat as der mei it batich fermogen bart as de feriening ophâlde soe te bestean. It bestjoer soe dan earst besykje om der wat foar de leden mei te dwaan: mei elkoar ite of in reiske of sa. Mar it is regele yn de statuten dat jild dat oer bliuwe soe, nei in goed doel giet. Dat bringt ús fuort by punt 9 fan de wurklist: de takomst fan ús krite; ús bestearsrjocht. Nije leden komme der hast net by; bestjoersleden binne ek net mear te finen en it ledetal rint jierliks tebek. Utkomst fan de besprekking is dat oanwêzige leden de krite noch graach in skoftsje yn stân hâlde wolle en dat it bestjoer noch efkes trochgean moat. Dat wol it bestjoer wol, mar dan moatte de leden wol ynstimme mei mar 4 bestjoersleden want neffens de statuten moatte der 7 wêze.

Oer bestjoer sprutsen: Meiny van Huizen – Vis wurdt beneamd as bestjoerslid. Dat wie se al efkes mar noch net offisjeel.

De leden stimme yn mei it programma foar it kommende winterskoft en hooplik kin dat trochgean.

Omfreegjen: wit immen ien dy't it redaksjewurk foar it krantsje oernimme kin en wol fan Henk Kloosterman? Nimmen wit immen. Sjouke wol Petrus Hollenga wol freegje.

In oare fraach is of ús krite net fusearje kin mei dy fan Assen. Mar Assen wol dit net.

De foarsitter seit tank foar de komst en it meitinken.

Nei it skoft is der in optreden fan Syb van der Ploeg. Hy is in neef fan de sjonger fan 'De Kast'. Mar hy sjongt like goed en bringt in tal prachtige lietsjes met begelieding fan syn gitaar. En hy fertelt fansels oer de KFFB, de Fryske boekeklup. En dat docht hy boeiend en mei in Power Point presintaasje.

Nei syn ferhaal en lietsjes bliuwe der 7 minsken te iten by Wielens. Dat wie poerbêst.

Ta oantinken

Twa ferstoarne leden (mar der binne mear west) fan ús krite wolle wy hjir efkes neame:

Anne Biesma Hy is lang bestjoerslid west fan ús krite en hat der in soad foar dien. Hy wie derom sels beneamd ta earelid. Hy wie al in skoft siik. Anne wie 84 jier.

Hans Josef Weijer Hy hat altyd hiel belutsen west by ús krite, al fuortdaliks fan of de oprjochting yn 1994. Ek hy wie al lange tiid siik. Hâns wie 81 jier

Wy winskje alle neibesteanden in soad krêft ta.

Boeken

Der binne noch altyd Fryske boeken te keap foar mar ien euro !

Foar ynformaasje: Harm Klynsma, 0591 – 625403 of harm@klynsma.nl